## De ballonnen efternei

It is tweintich oer fjouweren healwei Desimber,
ik lústerje nei dyn libbensferhaal
In slach troch De Jouwer, it iis op 'e sleatten,
do sist en ik triuw dy yn dyn rolstoel de dyk oer

Dyn earste oentinken; mei heit op 'e pream,
farre oer de Tjonger fan boer nei boer
Jim helje de molke, út it reid fljocht in wylp op,
hy fluitet in ferske, jimme hiene it goed

Wy rinne lâns winkels, lâns huzen en tsjerken,
de minsken, sy groetsje, ien freechet 'Hoe ist?'
ik byld my dy yn, in famke fan sechtjin
stapt op in brommer nei de D.E. fabryk

Wat hiene jimme wille, dyn bêste freondinnen,
dy freonskip is bleaun, de dames fan 'e tee
En op sneontejûns mei jins allen te dûnsjen,
it leafst nei de Muizeval yn It Hearrenfean

*Margje, do sjochst noch altyd omheech*
*Fertelst fan it moais, it ljocht, de muzyk*
*Soms binne de dagen tsjuster en dreech*
*Mar do wurkest dyn wei troch it fertriet*

Sjoch dêr wie ús hûs en dêr wennet Willem,
op fiifhûndert meter, wy sjoche him straks
It wie yn 'e nacht, nei hûs op 'e tomme,
hy stoppe syn auto yn It Fean, op 'e Skâns

Hy brocht dy thûs en tocht 'dy is fan my'
en fiiftich ier fjirder fertelt 'r oer dy
Do wiist de knapste, de leukste, de leafste,
'it famke fan 'e Skâns', hy freeche dyn hân

*Margje, do sjochst noch altyd omheech*
*Fertelst fan it moais, it ljocht, de muzyk*
*Soms binne de dagen tsjuster en dreech*
*Mar do wurkest dyn wei troch it fertriet*

Willem kin prate, grutte ferhalen
oer wat jimme diele, jim heart foar muzyk
Wy sitte yn 'e hal fan it âlde gemeentehûs,
links stiet in krystbeam en rjochts stiet in fyts

Dy fyts is foar twa, sa kinne jimme op paad,
elke dei efkes nei Heech of nei Broek
Do wiist nei dyn holle, dêr sitte de triedden,
sa wurde dyn harsens better bestjoerd

De helte fan dyn libben witsto dy te rêden
mei te min dopamine, mar sterk en taai
Wy prate oer de stêd dêr 't nimmen elkoar
groetsje
en oer jimme op 'e Jouwer, de ballonnen
efternei

*Margje, do sjochst noch altyd omheech*
*Fertelst fan it moais, it ljocht, de muzyk*
*Soms binne de dagen tsjuster en dreech*
*Mar do wurkest dyn wei troch it fertriet*

*Margje, do sjochst noch altyd omheech*
*Fertelst fan it moais, it ljocht, de muzyk*
*Soms binne de dagen tsjuster en dreech*
*Mar do wurkest dyn wei troch it fertriet*

Portret fan Margje Dam, 14-12-2022, De Flecke, De Jouwer
Tekst en muzyk: Arnold de Boer / Zea